

Ûnderwerp : Alliander, afsprakenkader kapitaalbehoefte regionale netwerkbedrijven
Beliedsprogramma : Financiën
Registraasjenûmer : 02058370
Portefúlgehâlder : F. Douwstra

**Behanneljend
amtner** :

Oanlieding : De kommende jierren steane de netwerkbedriuwen foar in grutte útdaging. Troch de enerzjytransysje nimt de behoefte oan netkapasiteit eksponinsjeel ta, sawol fanút enerzjyfraach as -oanbod. De netbehearders moatte dêrfoar harren elektrisiteitsnetwurken ferswierje en útwreidzje. De dêroan ferbûne ynvestearringskosten stige fier boppe de normale ynvestearringskosten út en dat liedt ta in tige grutte kapitaalbehoefte.

Yn de takomst hawwe de netwerkbedriuwen ekstra kapitaal nedich om it eigen fermogen op peil te hâlden. Oars sil de kredytweardichheid te leech wurde en kinne se gjin frjemd fermogen mear oanlûke, mei as gefolch dat de enerzjytransysje fertraagje of mislearje sil.

De oandielhâlders hawwe koartlyn ekstra kapitaal oan de netwerkbedriuwen ferskaft. De ferwachting is dat de oandielhâlders net oer foldwaande middels beskikke om ek yn de takomst genôch kapitaal te leverjen. Dêrom is in rol fan de oerheid dêryn needsaaklik.

**Europeeske
kontekst** :

Koarte gearfetting : Netwurkbedriuwen Alliander, Enexis en Stedin hawwe, yn 'e mande mei de fertsjintwurdigers fan de oandielhâlders, in ûnderhandelingsakkoart berikt oer it ôfsprakeramt (projekt Nachtwacht). Dêrmei wurdt in takomstige partisipaasje fan it Ryk yn de netwerkbedriuwen mooglik.

DS hawwe op 10 jannewaris 2023 in foarnommen beslút nommen om Alliander yn de AvA fan april 2023 tastimming te jaan om it ôfsprakeramt mei it Ryk te ûndertekenjen. Mei it ûndertekenjen fan it ôfsprakeramt wurdt it mooglik dat Alliander yn de takomst kapitaal oan it Ryk freegje kin om it eigen fermogen te fersterkjen.

Beslútpunten : Gjin winsken en betinkingen te hawwen tsjin it foarnommen beslút fan DS om Alliander yn de AvA fan april 2023 tastimming te jaan om it Ofsprakeramt mei it Ryk te ûndertekenjen.

Taheakke : PS-toelichting afsprakenkader kapitaalbehoefte regionale netwerkbedrijven
Afsprakenkader kapitaalbehoefte regionale netwerkbedrijven
Kamerbrief 28 november 2022
Brieven Alliander dd. 28 en 23 november 2022
DS-brief dd. 29 november 2022

Taljochting : ***Duale Foarhingproseduere***
Der is besletten om foar dizze oangelegenheid de saneamde Duale Foarhingproseduere, lykas bedoeld yn art. 158 en 167 fan de Provinsjewet, te folgjen. Dêrmei wurde jimme as Provinsjale Steaten yn de gelegenheid steld om jimme winsken en betinkingen kenber te meitsjen, dy't troch Deputearre Steaten meinommen wurde yn de definitive beslútfoarming.

Publike taak

De fuortgong yn de enerzjytransysje is fan belang foar ús allegearre. It fersterkjen fan it elektrisiteitsnetwurk is fan krúsjaal belang foar de betrouberheid en it mooglik meitsjen fan (fierdere) ferduorsuming binnen it fersoargingsgebiet fan Liander (100% dochter fan Alliander).

Ofsprakeramt / projekt Nachtwacht

Yn de bylage PS-taljochting ôfsprakeramt kapitaalbehoefte regionale netwurkbedriuwen stiet de achtergrûnynformaasje oer projekt Nachtwacht en wurdt per ûnderdiel fan it ôfsprakeramt in koarte útlis jûn.

Kontekst : 1. Provinsje Fryslân is meioandielhâlder fan Alliander NV
2. RES Fryslân 1.0
3. Betrouber elektrisiteitsnetwurk mei foldwaande kapasiteit yn it fersoargingsgebiet fan Alliander, wêrûnder yn Fryslân.

Probleemstelling : De kommende jierren steane de netwurkbedriuwen foar in grutte útdaging. Troch de enerzjytransysje nimt de behoefte oan netkapasiteit eksponinsjeel ta, sawol fanút enerzjyfraach as -oanbod. De netbehearders moatte dêrfoar harren elektrisiteitsnetwurken ferswierje en útwreidzje. De dêroan ferbûne ynvestearringskosten stige fier boppe de normale ynvestearringskosten út en dat liedt ta in tige grutte kapitaalbehoefte.

Probleemanalyze

: Yn 2021 hat Alliander € 1,2 mld. ynvestearre yn de netten fan Liander en ferwachte wurdt dat de ynvestearringen fierder omheechgean sille nei € 2 mld. jiers. Dat kin net finansiere wurde binnen de normale bedriuwsfiering en dêrom is der oanfoljend kapitaal nedich om it eigen fermogen (en dêrmei de solvabiliteit) op peil te hâlden.

Alliander hat yn 2021 oan syn oandielhâlders in reverse convertable obligaasjeliening frege fan € 600 mln. ta fersterking fan it eigen fermogen. Dêroan hawwe de oandielhâlders gefolch jûn en provinsje Fryslân hat € 76,5 mln. (fan de € 600 mln.) jûn. As Alliander yn de takomst opnij ekstra kapitaal nedich hat, sil it netwurkbedriuw dat yn earste ynstânsje (opnij) oan de tsjintwurdige oandielhâlders freegje.

De ferwachting is dat de oandielhâlders net foldwaande kapitaal byinoar bringe kinne om it eigen fermogen (en dêrmei de solvabiliteit) fan Alliander ek yn de takomst op nivo hâlde te kinnen en der socht wurde moat nei oare oplossingen.

Doelstelling / beëage effekten:

: Alliander yn de AvA yn april 2023 tastimming te ferlienen om it Ofsprakeramt mei it Ryk te ûndertekenjen. As Alliander yn de takomst ekstra kapitaal nedich hat [en de tsjintwurdige oandielhâlders dat net ferskaffe kinne], kin it netwurkbedriuw op basis fan it ôfsprakeramt in berop dwaan op it Ryk.

Risiko's

: Yn ruil foar it ferskaffen fan kapitaal ûntfangt it Ryk oandielen. De útgongspunten foar de wurdearring fan it netwurkbedriuw en waging fan de kapitaalferskaffing binne fêstlein yn it ôfsprakeramt.

Troch it oansluten fan it Ryk as meioandielhâlder ûntstiet der ferwettering fan it oandielekapitaal fan de tsjintwurdige oandielhâlders en in legere dividindútkearing.

As grutoandielhâlders sille wy hieltyd in reedlike fergoeding foar it troch ús ynbrochte kapitaal neistribje, mar troch it hege ynvestearingsnivo en it beheind oprinnen fan de – troch de ACM regulearre – fergoedingen komt it bedriuwresultaat ûnder druk te stean en dêrmei ek it útkearen fan dividind. Dêr komt in mooglike ferwettering yn gefal fan oansluting fan it Ryk as oandielhâlder noch boppe-op.

Probleemoplossing

: As oandielhâlder fan Alliander yn de AvA yn april 2023 tastimming ferliene oan Alliander om it Ofsprakeramt mei it Ryk ûndertekene te meien.

Foarkaroplossing/ Yntegrale ôfwaging : Ien fan de mooglike manieren om te soargjen dat de solvabiliteit op peil bliuwt, is it ferleegjen fan de jierlikse ynvestearringen. Dat hat lykwols in protte neidielige gefolgen, û.o. foar boargers en bedriuwen dêr't dan net genôch romte foar is op it hjoeddeistige netwurk en de enerzjytransysje en doelstellingen fanút de RES'en.

Nei wiidweidich de ferskate mooglikheden ûndersocht te hawwen, is konkludearre dat kapitaalferskaffing troch it Ryk yn ruil foar oandielefermogen de bêste manier is.

Oare manieren, lykas it ferleegjen fan de belesting foar de netwurkbedriuwen, it fiks ferheegjen fan de tariven foar einbrûkers, in hybride kapitaal of in konvertearbere obligaasjeliening by it Ryk wei binne te kompleks of ha bliken dien net útfierber te wêzen.

Yn it ôfsprakeramt binne de útgongspunten foar in takomstige kapitaalferskaffing troch it Ryk yn de netwurkbedriuwen fêstlein, ta stân kommen yn gearwurking mei de grutoandielhâlders fan Alliander, Enexis en Stedin (en harren adviseurs).

Mei it ûndertekenjen fan it ôfsprakeramt troch Alliander ûntstiet der gjin ferplichting ta ôfnimmen fan kapitaal fan it Ryk.

Útfiering : Nei in definityf beslút fan DS, dêr't jimme winsken en betinkingen yn meinommen wurde, kin troch provinsje Fryslân yn de AvA fan Alliander yn april 2023 – al of net – ynstimd wurde mei it ûndertekenjen fan it Ofsprakeramt mei it Ryk.

Monitoaring/evaluaasje : By in takomstige kapitaalbehoefte fan Alliander sil dy him yn earste ynstânsje ta de tsjintwurdige oandielhâlders rjochtsje. As dat net liedt ta de winske hichte fan kapitaalfensterking, sil Alliander in kapitaalfersyk dwaan oan it Ryk. Wy sille as oandielhâlders ynstimme moatte mei de partisipaasje-oerienkomst tusken it Ryk en Alliander.

Stjoering : -

Ferfolchproseduere : De winsken en betinkingen fan Provinsjale Steaten wurde troch Deputearre Steaten meinommen yn de definitive beslútfoarming.

Oare punten : -

Ljouwert,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A. Schepers, Msc, sekretaris

UTSTEL

Underwerp : **Alliander, afsprakenkader kapitaalbehoefte regionale netwerkbedrijven (02058370)**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 10 jannewaris 2023, oangeande it afsprakenkader kapitaalbehoefte regionale netwerkbedrijven

Mei it each op de rol fan de provinsje as ien fan de grutoandielhâlders fan Alliander

Oerwagende dat : De netwurkbedriuwen de kommende jierren foar in grutte útdaging steane. Troch de enerzjytransysje nimt de behoefte oan netkapasiteit eksponinsjeel ta, sawol fanút enerzjyfraach as -oanbod. De netbehearders moatte dêrfoar harren elektrisiteitsnetwurken ferswierje en útwreidzje. De dêroan ferbûne ynvestearringskosten stige fier boppe de normale ynvestearringskosten út en dat liedt ta in tige grutte kapitaalbehoefte.

Yn de takomst hawwe de netwurkbedriuwen ekstra kapitaal nedich om it eigen fermogen op peil te hâlden. Oars sil de kredytweardichheid te leech wurde en kinne se gjin frjemd fermogen mear oanlûke, mei as gefolch dat de enerzjytransysje fertraagje of mislearje sil.

De oandielhâlders hawwe koartlyn ekstra kapitaal oan de netwurkbedriuwen ferskaft. De ferwachting is dat de oandielhâlders net oer foldwaande middels beskikke om ek yn de takomst genôch kapitaal te ferskaffen. Dêrom is in rol fan de oerheid dêryn needsaaklik.

Beslute : Gjin winsken en betinkingen te hawwen tsjin it foarnommen beslút fan DS om Alliander yn de AvA fan april 2023 tastimming te jaan om it Ofsprakeramt mei it Ryk te ûndertekenjen.

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.G. Rosier, griffier